

Minsken werkent  
men oan 'e stap,  
fûgels oan 'e sang

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



## Onderduikkaarten in kerk Burgwerd

'We hiene it eins te drok mei de oarlochsgreven en wiene noch net oan it argyf takaam'

[pagina 3>](#)



## Frank Tichelman weer de sterkste

34ste editie biljarttoernooi in Wommels was goed voor 15.480 caramboles in 230 partijen

[pagina 13>](#)



## Live muzykkwis Yn Easterein

'Fragen wiene somtiden best pittich, mar wat wie it gesellich en wat wie elkenien fanatyk.'

[pagina 15>](#)

## Poppen en roeken soarchje foar aksje yn Weidum

Weidum - It boekje wie noch net iens klear, mar it bestjoer fan de fanfare Harmonie yn Weidum wurke al oan in plan om it ferhaal *Rôversguod* fan Janneke de Boer geskikt te meitsjen foar in muzykfoarstelling. Dat wie yn 2015. Underwilens leit it berneboekje yn de winkels en is it Borkest fan Harmonie klear mei de repetysjes fan de muzikale poppefoarstelling, dy't komend wykein trije kear yn it doarpshûs fan Weidum opfiert wurde sil.

Troch Hinne Bokma

Al in pear jier is men yn Weidum dwaande om de muzykferiening Harmonie nij libben yn te blazzen. Muzyk meitsje kin sa folle mear wéze as allinne ynstruminten bespyle, hoecht hielendal net älderwetsk en oubollich te wézen. Dat hat yn de ôfrûne jieren yn Weidum laat ta bysondere foarstellings: Koperdieven, Festi-Valentijn, Hennie de Heks en no Rôversguod. It kreative wuk hat fertuten dien. It tal leden fan de fanfare is omheech gien fan tweintich nei tritich.

It ferhaal giet oer it jonkje Fekke. Hy hat syn mem ferlern, fielt him net gelokkich en stottert. Syn heit is altiten oan it wuk. In roek soarget der foar dat Fekke him wat minder ellendich fielt. De zwarte fûgel bringt it jonkje op it idee om alle gearre spul te rôvjen. Hy kin dat spul dan ferkeapje en sa wat jild fertsjinje.

Foar de Frysktalige muzikale poppefoarstelling fan de Harmonie is it ferhaal fan Janneke



Muzikanten, roeken en poppen binne klear foar de foarstelling.

bewurke troch Tjerk Kooistra út Weidum. De muzyk is spesjaal foar dit stik komponearre troch Ria Fennema út Ljouwert. De rezjy is yn hadden fan Baukje Hiemstra út Bears.

### folwoeksenen

De poppefoarstelling is ynearsten ornearre foar bern, mar neffens foarsitter Ruurdje Anema sille ek folwoeksenen harren skoan fermeitsje. „Wy wolle bern meijaan

hoe leuk muzyk meitsjen wéze kin”, fertelt de foarsitter.

„In gewoan konsert sil de bern neat sizze”, folt Janneke de Boer oan. „Der sit folle mear beweging yn. Der is aksje”, fertelt de skriuwster. Se fynt dat har ferhaal op in prachtige wize delsetten wurdet. Foarsitter Anema stekt har wurdearing foar de muzikanten en akteurs fan de foarstelling net únder stuollen en banken. „Se moatte it wol

even dwaan.” Oan de oare kant jout it de spilers de kâns om harren troch te úntwikkeljen. De muzikale poppefoarstelling sprekt neffens har ta de ferbylding en prikkelt de fantasy. „It is in mij konsept. Muzyk en poppen yn ien foarstelling.”

Roversguod is te sjen op sneon 11 febrewaris om 13.30 en 20.00 oere en op snein 12 febrewaris om 15.00 oere. Kaarten binne te krijen fia [www.harmonie.nl](http://www.harmonie.nl)

## Renovaasje kademuorre yn Burchwert



Yn Burchwert wirdt hurd wurke oan de renovaasje fan de kademuorre fan it Trekpaad. It wuk is yn novimber 2016 útein setten en moet neffens de ôfspraak foar 1 maart fan dit jier klear wéze. Oant salang kin der net fan it Trekpaad gebruik makke wurde.

## Sterpredicaat voor bijzondere koe Froukje 32 uit lens

Lens - Met roodbonte koe Froukje 32 heeft de maatschap J. en A. Tessemaker-Keestra uit Lens een bijzondere koe op stal staan. Froukje 32 is door de Coöperatieve Rundveeverbetering (CRV) aangewezen als Ster Koe 1.

Voor de maatschap Tessemaker-Keestra is het de eerste keer dat een koe het sterpredicaat krijgt. Froukje 32 voldoet ruim aan de criteria, die het CRV stelt voor het predicaatschap. Het gaat daarbij vooral om productie en exterieur. „It is in moaie ko mei in bêste produkje”, aldus Tessemaker. Onlangs produceerde Froukje 32 binnen één dag 47 liter melk.

De gemiddelde productie per koe ligt op het bedrijf van Tessemaker op ongeveer 27 liter. Froukje 32 produceert in 305 dagen 12.000 liter melk.

## Idee van weg dwars door Littenseradiel stuut op weerstand

Wommels - Het college van burgemeester en wethouders van Littenseradiel is absoluut niet gecharmeerd van het idee van de gemeente Súdwest-Fryslân om langs de spoorlijn Sneek-Leeuwarden een autoweg aan te leggen. De weg zal volgens het college veel landschappelijke en cultuurhistorische schade aanrichten. De spoorlijn loopt langs de dorpen Boazum, Wiuwert, Easterwierrum, Mantgum, Jorwert en Bears.

Al zit de gemeente Littenseradiel in de laatste fase van het herindelingsproces, waarbij een groot deel van het grondgebied overgaat naar Súdwest-Fryslân, het mag volgens B en W niet betekenen dat er geen rekening meer met Littenseradiel wordt gehouden. Het idee van burgemeester Hayo Apotheker om een onderzoek te doen naar de aanleg van een weg langs de spoorlijn versterkt bij een deel van de bevolking de vrees dat de belangen van het platteland straks ondersneeuwen bij de (vermeende) belangen van de steden, zo schrijft het college van B en W.

De gemeenteraadsfractie GemeenteBelangen Totaal Lokaal Súdwest-Fryslân (GBTL) verzet zich tegen de aanleg van een nieuwe stroomweg richting Leeuwarden. „Wij vinden het een 'hautain' voorstel van dit college van Súdwest-Fryslân dat geen gevoel heeft voor behoud van cultuurlandschap en zeker met het zicht op de komende herindeling met Littenseradiel.” aldus fractievoorzitter Peter Walinga.



**skilder nedich  
www.skilder.nl  
schilder nodig**